

Nijs fan de jubileumkommisje 100 jier 'Hâld Moed, Ald Jorwerterdei'

**Klussefeiling: freed 20 april 2012
yn Kafee 'Het Wapen van Baarderadeel'**

In oantal wiken werom is der in brief mei in opjefteformulier by alle JorwerTERS rûnbrocht oangeande in 'Klussefeiling' dy't de jubileumkommisje organisearje sil op freed 20 april yn it kafee 'Het Wapen van Baarderadeel'. Dit formulier sil yn de wike fan 26 maart ophelle wurde.

Wat hâldt dy aksje ek alwer yn:

Elkenien hat wolris in kluske te dwaan dêr't men net al te folle nocht oan hat of it goede ark net foar hat (byg. autowaskje, redens slypje, dat iene rútsje dat noch altyd efkes ôfskildere wurde moat, ruten himmelje ensfh.). Dat kluske kin melden wurde by de kommisje. Oarsom kin ek: as immen bygelyks graach taarten bakt, sokken breidet, yn 'e tún wurket, skilderijen (portretten) makket, redens slipet, musykoptredens fersoarget, dan kin dat ek by de kommisje melden wurde. Elkenien fan 16 jier ôf kin hjiroan meidwaan.

Tidens in gesellige jûn, dêr't alle JorwerTERS foar útnoege wurde, sille dizze frege en oanbeane klussen fia in feiling per opbod 'ferkocht' wurde troch in feilingmaster. Yn ûnderling oerlis wurdt ôfpraat wannear't de klus útfierd wurdt. De opbringst is foar it jubileumpot.

Ek is der ûnderwilens in weardefol skilderij fan Jorwert oanbean, om yn de feiling te ferkeapjen foar it jubileum. Dit is fansels prachtich! Foar mear oanbiedings kin der kontakt opnommen wurde mei Adrie Kaspers (a3kaspers@gmail.com).

Op it formulier kinne jo oanjaan hokker klus(sen) jo oanfreegje of sels oanbiede wolle. Yn de wike fan 26 maart sil it formulier dus ophelle wurde troch ien fan de jubileum-kommisje, sadat dy in yndikaasje hat hoefolle belangstelling der foar dizze aksje is.

De feilingdei sil hâlden wurde op **freedtejûn 20 april, hâld dy datum dus frij!!**

As der fragen binne kin der kontakt opnommen wurde mei Doede Ottema: 06-22419287.

Wy hoopje op in grutte belangstelling en moaie opbringst en fansels in tige gesellige jûn.

Potgrûnaksje:

De ferkeap fan potgrûn wie lykas foarich jier wer in grut súkses. Yn ien moarnsskoft suteljen yn Jorwert e.o. wiene alle pûden ferkocht.. De netto opbringst wie € 845,-. Elkenien tige tank foar de meiwurking!!

De jubileumkommisje
100 jier Hâld Moed / Ald Jorwerterdei 2013

